



Spulwike Nijs

Spulwike Littenseradiel 2007 • 9 oant en mei 13 july 2007 • fiifde jiergong



Even dwaan wat eins thús net mei

't Is wer foarby. Wiken en wiken, miskyn wol moannen en moannen, is der troch de bern nei útsjoen. Nei it feest dat Spulwike hiet en fiif dagen de hiele gemeente Littenseradiel op syn kop set. Dy wike krije de bern alle romte. It is de earste wike fan de fakânsje. Even los fan heit en mem en even dwaan meie wat thús eins net kin.

De bern wiene dizze kear yn mearkelân. It mearke fan Markys de Brancard rûn as in reade tried troch de Spulwike. Easterwierrum waard Dwerchdoarp, Easterlittens hiet efkes Efteling en Weidum mocht him Weiwêze neame. De Markys moast al syn krachten oansprekke om de leave heksedochter Amalia Malaria werom te heljen op ierde. Hy hie dêr fansels de stipe fan de bern foar nedich. Doe't Amalia Malaria op freed yn Weidum út de loft kaam fallen wie it dêr dan ek grut feest. Sels boargemaster Liemburg fan Littenseradiel wie der by. Wa koe it houlik fan de Markys en de heksedochter better slute dan de earste boarger fan ús gemeente.

Mar der wie noch in oare reden om feest te fieren. De Spulwike jubilearre. It wie dit jier 35 jier lyn dat de Spulwike foar de earste kear holden waard. Dat wie doe yn de eardere gemeente Baarderadiel. Dêrom is dizze Spulwikekrante ek tjokker as oars.

Mar fansels yn dizze krante rom omtinken foar de aktiviteiten yn de trije doarpen. De Gouden Guozzentocht yn Easterlittens, it bouwen fan tintsjes yn Weidum, de Zevenmijls-laarzenloop yn Easterwierrum. Drave troch de blauwe drek wie ek dit jier wer in hichtepunt. En fansels mochten âldste bern wer oernachtsje op de pleats fan Flapper yn Weidum. In feest foar bern en lieding.

Wannear sa'n wike dan wer foarby is en de boel wer oprêden is, de bern wer thús binne, de lieding wer wat útrêsten is, komt it gewoane libben yn Littenseradiel wer op gong. Dwerchdoarp is dan wer Easterwierrum, Efteling is wer Easterlittens en Weiwêze is wer Weidum.

It wie in geweldige wike en we sjogge no al út nei de Spulwike fan 2008.

Hinne Bokma

July 1998, Martelange (Belgie), 9:48 oere

Op dizze moaie moandeitemoarn rin ik wat sleau troch Martelange. Ik rin mei de hannen yn'e bûse en hieltyd tink ik: "Wat moat ik ek al wer?" Nei in skoftke wit ik it wer. Wat bôle of breadsjes by de bakker of boulangerie of hoe't dy man hjir ek mar hjit. Ik bin hjir fansels net bekind, dus ik freegje in man dy't in kuierke makket mei de hûn wêr't ik de bakker fine kin. Wylst hy útleit wêr't ik hinne moat, hear ik in nuver lûd. Ik sjoch ferskrikt efterom. Ik sjoch in pear sekonden, mar myn eagen kinne neat fine dat oerienkomt mei it lûd. Ik sjoch de man wer oan en hy sjocht my nuver oan. Ik sis Merci en rin fierder, mar wit hielendal net wat dy bêste man sein hat. Ik tink nei oer wat der krekt bard is, mar ik kin it net echt in plakje jaan. Ik bin sa oan it prakkeseearjen, dat ik hielendal ferjit wêr't ik rin, sadat ik heal fan de stoepe strûkelje. Jonge, tink der dochs efkes om, sis ik tsjin mysels. Ik beslút it foarfal te ferjitten en de earste dy't ik tsjinkom wer te freegjen wêr't de bakker is. Ik sjoch yn de fierte in kreas frommeske oankommen en ik prebearje wat ûnhandich kontakt mei har te krijen. Mar se fytst mei in bôge om my hinne en jout nochris ekstra gas. Efkes letter sjoch ik in op it each aardige man oankommen. Ik wink him en hy stoppet. Ik stel wer dy fraach. Hy antwardet yn rap Flaamsk. Sa rap sels dat ik der neat fan begryp, mar oan syn gebaren te sjen moat ik loftsôf. Ik beslút dy strjitte mar yn te gean en letter mar wer fierder te freegjen. Blikstjinder, no hear ik dat lûd wer! Ik draai in slach yn de rûnte, mar wer sjoch ik neat. Wat is dat dochs? Ik knyp mysels yn de earm. Ferdikkeme, dat docht noch sear ek! Ik sjoch op myn horloazje. Drommels, ik bin al mear as in healoere ûnderweis en ik ha dy dekselse bakker noch net fûn. En dêrby koe ik noch wol gek wurde, hieltyd dat lûd hearre. Ik jou mysels in pear klappen yn it gesicht en rin fierder. Nei 2 strjitten sjoch ik by tafal in buordsje mei Boulangerie. Hé, dêr moat ik wêze. Ik gean nei binnen en bestel wat bôle en breadsjes. Ik rekkenje ôf en rin werom. Nei in pear hûndert meter hear ik wer dat lûd. Ik stean stil, konsintrearje my. Hé, ik herkin dat lûd! Noch efkes hearre. Ja, hoe is it mooglik! Ik hear noch hieltyd "Holle Bolle Tsjing" troch myn holle gûnzjen. Jawis, dat is it. Ofrûne wike ha'k Spulwike hân en ik bin no noch hieltyd fan de rûs. Ik laitsje wat en rin skodholjend werom nei de kemping. Ik beslút wat ik belibbe ha mar net oan myn freondinne te fertellen.

In âld lieder



Fan 'e foarsitter

Machtich!,

dat is it wurd wêr't ik de ôfrûne Spulwike it bêst mei omskriuwe kin. Machtich dat alle bern en liederen der mei-inoar wer sa'n geweldige wike fan makke hawwe. Machtich dat de tonger en hagelbuien dy't oeral yn Fryslân wienen krekt om ús trije Spulwike-doarpen hinne dreaunen. Machtich dat mei al ús frijwilligers en âldlieding, der de freed in super jubileumdei organisearre is. Machtich dat doe Markies de Brancard syn leave Amalia Malaria wer werom fûn hat! Allegearre machtich dus, foaral dat alles mooglik makke wurdt troch ús frijwilligers, stipers, âldlieders, liederen, doarpelingen, âlden en de bern fansels!

Tige Tank derfoar!

út namme fan Stichting Spulwike,
Jos Cartens, foarsitter.

Amsterdam fjirde Spulwikedoarp?

Troch: de materiaalman fan Weidum Klaas Siderius

Amsterdam - Amsterdam? Ja Amsterdam! Nee, spulwike hat der net in fjirde plak by. Om ant-wurd te krijen op in oantal prangende fragen, giet myn reis nei Amsterdam. Hjir ha ik in ôfspraak mei Trees van der Werf de materiaalman / ponghâlder fan Easterwierrum. Trees wennet sûnt in oantal wiken yn her-tsjie Amsterdam. Ik fiel my in bytsje ûngemaklik, want ik ha in ynterview my har, no is dat op himsels neat om bang fan te wurden, mar it stekt krekt wat oars yninoar. Trees wurket by it Parool, ik moat in profesjonele ferslachjouster ynterviewe! Ik wol natuerlik wol in bytsje yndruk meitsje, mar om yndruk te meitsjen by in frou dy sels yn

it fak sit, moat ik wol mei hiele goede fragen komme. Ik bin goed ta ret, mar dôchs sit it my net hielendal lekker. Ik druk op de bel, in zoem en de doar giet iepen... Ik krij in fleurich 'Hoi!' te hearren en lyk trije tuten. Myn dei kin al net mear stikken. Earst ite, en dan al gau ha wy it oer fan alles en noch wat. Wy sille Amsterdam yn. Ik krij alle ferne-amde plakjes te sjen. Kamera mei, ik fiel my toerist yn eigen lân, mei in priveegids noch wol. Wy einige yn 'e kroech, gjin pikketasje mar gewoan in pilske. Oh ja, myn fragen! Tink ik at ik yn 'e auto werom sit. No ja, it doel wy om better my inoar yn 'e kunde te kommen. Tige slagge tocht ik sa.

It hat ús tige goed dien dat lieding en frijwilligers fan de Spulwike Littenseradiel by it organisearjen fan har aktiviteiten rekken hâlden hawwe mei it hommels ferstjerren fan ús soan en broer Sijtse. Fierder hawwe wy ek alle bliken fan meilibjen út 'e rûnte fan de Spulwike-organisaasje tige op prijs steld.

*Famylje Hilverda,
Easterlittens.*

Mearkes, Markys en Malaria



Ljouwert - Op 9 novimber 2006 kamen seis Spulwike-cracks foar it earst by elkoar oan 'e Brederostrjitte yn Ljouwert. Om hokfoar ylluster seistal it gie? De 35-jier kommisje fan de Spulwike Littenseradiel. De echte Spulwike-feterean yn dit fermidden wie fansels Jaap Groen, dy't yn 'e iere jierren santich al by de Spulwike belutsen wie en jierrenlang syn bydrage oan de Spulwike levere hat as lieder, (tinte)bouwer, fotograaf, as gasthear fan 'e lieding fan Spulwike Weidum, en wat al net mear. Fierder bestie de kommisje út Jehannes de Groot fan Winsum dy't jierrenlang oan 'e Spulwike yn Easterlittens mei die en fan it jier ek wer lieder wie yn Littens, Anno Hilverda fan Easterlittens, jierrenlang ien fan de gesichten fan de Spulwike yn datselde plak, âld-mikrofoanman Nico Hettinga fan Ljouwert, dy't sawol yn Easterwierrum as yn Weidum oan de Spulwike meidien hat, Tsjerk Bottema fan Ljouwert, dy't oant 2005 meidie oan 'e Spulwike yn Weidum en



yn it mediateam siet en last but not least Pytsje Merkus fan Ljouwert en Elizabeth van der Meij fan Berltsum út de Stichting wei. Dit seistal hat in soad tige gesellige gearkomsten hân, wêrby't in soad brainstoarme en in soad lake waard. Al brainstoarmjend ûntstie it idee om wer in reade tried troch de wike rinne te litten, dy't ferbân hold mei it tema. Ek de datum fan freed de trettjinde july ynspirearre de kommisjeleden. Sa betocht de kommisje yn gearwurking mei Wim van der Laan it mearke fan Markys de Brancard dy't perfoarst foar freed de 13e july foar 13:00 oere mei de heksedochter Amalia Malaria trouwe moast; oars soe it te let wêze. Mar earst soe er har ophelje moatte út it Lân Efter de Wolken, en sadwaande moast er fleane kinne. Dat gegeven joech fansels in soad mooglikheden, dy't Wim van der Laan yn syn rol fan de Markys mei de bern sa folslein mooglik benutten hat, mei de slotmanifestaasje op de freed as hichtepunt. Faaks is it in idee om wat dy boppeneamde reade trie oanbelanget "de tried wer op te pakken" en sa de Spulwike tenei alle jierren in ekstra tintsje te jaan. De 35 jier kommisje hat yn alle gefallen mei in soad wille in jubileumprogram betocht en wol alle bern, lieding, pankoekbakkers en oare frijwilligers dy't meidiene en alles mei mooglik makken hertlik tank sizze!





Guon saken bedjerre gewoan net...

Wat makket de Spulwike ta sa'n unyk barren?

Ûntsteansskiednis

Der binne fansels wol mear bernekampen yn Fryslân, mar wat makket de Spulwike no ta sa'n unyk barren? It sit 'm fansels foar in diel yn de ûntsteansskiednis fan Spulwike. Yn '72 waard de Spulwike út ideële motiven, hielendal yn 'e geast fan 'e jierren santich, yn it libben roppen foar benammen dy bern waans âlders gjin djoere fakânsje betelje koene. Om dy reden mocht it allegearre net al te folle kostje, en dat docht it noch hieltyd net (10,-, foar Easterwierrum, 15,- foar Easterlittens en 17,50 foar Weidum; en dat foar in hiele wikel!). It begûn allegearre op in stikje lân by Lucht en Veld by Jorwert yn de doetiidske gemeente Baarderadiel, dêr't alle bern fan 'e klassen trije oant en mei seis har Spulwike belibben. Yn de earste fiif jier waard noch wat socht om de ideale Spulwike-lokaasje. Nei Lucht en Veld, Mantgum en Wiuwert, struts it hiele sirkus del yn Weidum. Nei in skoftsje waard besletten om ek foar de lytsten fan de klassen ien en twa wat te organisearjen en sa kamen de jongste bern yn Easterwierrum telâne. Mei de

gemeentlike weryndieling fan '84, doe't Baarderadiel en Hinnaarderadiel tegearre giene yn Littenseradiel, waard besletten om de Spulwike út te wreidzjen mei Easterlittens, dêr't de bern fan de klassen trije en fjouwer stasjonarre waarden. De bern fan de heechste klassen bleaune yn Weidum (sûnt yn 1986 de doetiidske ûnderwiisminister Deetman de basisfoarming ynfierde, sprekke wy fansels net mear fan klassen, mar fan groepen; de groepen trije oant en mei acht, yn it gefal fan de Spulwike, red.).

Unike miks

Mar wat makket de Spulwike no sa unyk, útsein de ûntsteansskiednis en dy lege priis? Wat tochten jo fan de lieding? By de Spulwike rinne betiden a-typyske liederen om, sokken dêr't jo net fuortendaliks fan tinke soene dat se der aardichheid oan hawwe om mei in groepke bern op sleeptou it "mei in teeskje troch it Fryske lân"-spul te dwaan. En dochs hawwe se dat al: it binne betiden de grutste macho's dy't nei in kear meidien te hawwen tajaan moatte dat se Spulwike hielendal geweldich fine, ek al

hiene se dat yn earste ynstânsje net tocht en hiene se har benammen opjûn fanwegen de oantreklike liederen, of omdat heard hiene dat it sa gesellich wêze koe mei in bierke derby, as de bern wer nei hûs ta wiene. En se knappe der noch fan op ek! Nee, de lieding fan de Spulwike bestiet út in unike miks fan boeresoannen, pedagogen, spw'ers, timmermannen, pubers, pabû'ers, macho's, sph'ers, Grinzer studinten, cios'ers, alo'ers, en wat al net mear. Dat makket dat der safolle mooglik is, dat der sokke orizjinele en gekke spultsjes betocht wurde, dat trekker en wein al sûnt it begjin fan de Spulwike it favorite ferfiermiddel foarmje foar lieding en bern, dat der sokke spektakulêre survivals plakfine en dat der sokke moaie dingen foar en mei de bern boud wurde.

De ynwenners fan Littenseradiel

Wat de Spulwike ek unyk makket, binne de ynwenners fan de gemeente Littenseradiel, dy't allegearre presys witte wat de Spulwike is (om't se sels ea as bern of lieding meidien hawwe, of bern hawwe dy't meidogge/meidien hawwe) en sadwaande altyd ree binne om fan alles en noch wat, fan panlatten oant âlde klean, fan generators oant pankoeken, fan opslach foar Spulwike-materiaal oant trekker, kosteleas of yn brûkljen ta beskikking te stellen oan de Spulwike. Dat is fansels ien fan de redenen dat it noch hieltyd mooglik is om bern tsjin sa'n freonlik pryske oan 'e Spulwike meidwaan te litten. Dêrneist binne der fansels noch al dy bedriuwen en persoanen yn 'e gemeente, dy't de Spulwike mei in jildbedrach stypje, krekt sa as de gemeente, dy't de Spulwike al dy jierren al subsidiearret, earst as ûnderdiel fan 'e gemeentlike seksje jongerein, en sûnt in oantal jierren as selsstandige stifting.

De bern!

Wat de Spulwike last but not least ta de Spulwike makket, binne fansels de bern. En dy binne al 35 jier gelyk, ek al hawwe se tsjintwurdich somtiden PDDNOS, krije se piltsjes om har te konsintrearjen, of hawwe se te lijen fan allegearre oare saken dy't fiifentritich jier lyn noch net sa diagnostisearre waarden. De bern meitsje de Spulwike, en dy fine it noch hieltyd geweldich om tintsjes te bouwen, troch de sleatten te baggerjen, toanielstikjes yn te studearjen, ensfh., nettsjinsteande ynternet, MSN, Nintendo, Xbox en Second Life, allegearre saken dêr't men yn 1972 noch nea fan heard hie. Guon saken bliuwe gewoan en bedjerre net, omdat se gewoan goed binne. En goed is er, dy Spulwike!

In âlde Spulwike-tradysje



Wy hawwe de tried earne fallen litten, mar pakke him no wer op! "Wêr giet dit oer", freegje jo jo ôf? De reade tried! Noch net hielendal dúdlik? Faaks is in útlis dan wol even op syn plak. Tema's binne al sa âld as de Spulwike sels, dêr't ik mei sizze wol dat der altyd al in tema oan de Spulwike ferbûn waard. Op ús website www.spulwike.eu binne de Spulwike-tema's fan 1987 ôf oant no werom te finen. Mar ek dêrfoar hie de Spulwike altyd in tema.

Neist dat tema wie der ek altyd in ferhaal, in ferhaalline, ja, in reade tried dy't troch de hiele wike rûn, yn Easterlittens, yn Easterwierrum en yn Weidum. Dy ferhaalline wie fansels relate-

arre oan it tema. De lêste tsien âf fjirtjin jier is der net mear sa'n reade tried. Guon fan de lêzers en Spulwike-liederen sille har dy reade tried lykwols noch wol yn it sin bringe kinne fan de kearen doe't sy meidiene oan de Spulwike.

Mei it mearke fan de Markys de Brancard, de markys dy't yn alle doarpen op ferskillende wizen, en yn gearwurking mei de bern besocht te fleanen, hawwe wy fan it jier de (reade) tried wer oppakt. Litte wy de tried no fêsthâlde en sa in âlde Spulwike-tradysje wer yn eare herstellen. Sa kinne wy tenei alle jierren in ekstra tintsje jaan oan de Spulwike, dat de trije Spulwike-dorpen mei elkoar ferbynt.



Spulwikemonumint?

LUCHT EN VELD – Elkenien dy't wol ris it binnetrochdykje fan Jorwert nei Baard of Mantgum nimt (de Lucht en Veldsterdyk), sil se wol kenne, dy twa izeren peallen op 'e hoeke, dy't wat nuveraardich skeef de loft yn stekke. It liket wol of foarmje se mei syn twaën in trijehoek. Der wurdt yn dit ferbân ek wol praat fan De Triangel, en in triangel, dat soe fansels ek prima kinne! Muzyk en de Spulwike hawwe omers al dy fiifentritich jier mei elkoar ferbûn west?

De Triangel waard yn 1992 op Lucht en Veld ûntbleate ta gelegenheid fan it 20 jierich bestean fan de Spulwike. De Triangel symbolisearret de ienriedigens yn de Spulwike. It monumint stiet foar de gearwurking tusken

de trije doarpen, tusken lieding en bern en tusken de gemeente en de Spulwike. Dat der foar de lokaasje Lucht en Veld keazen waard, is gjin tafal. Dat wie nammentlik it plak dêr't it yn 1972 foar de Spulwike allegearre mei begûn is.

Der stiet yntusken wer in moai boardsje by it monumint, dêr't it boppesteande út bliken docht. Dat hat lykwols al oars west. Yn 2005 nammentlik pleatste de ANWB in ynformaasjeboerd by De Triangel dêr't op te lêzen wie dat it monumint der kommen wie om de Jorwerders en har jierlikse lepenloftspul yn de notaristún te earen. Neat ferkeards oer it Jorwerter lepenloftspul, mar gelokkich is dat misferstân yntusken rjocht setten.





14:30 Hagelstiennen naderje Dwerchdoarp

Troch lieder Johan Hoekstra en Teake Piet van der Werf

Easterwierrum - De twa lieder Teake Piet en Johan fan de Spulwikegroepen 'de Dreamprinsen' en 'de Seis Lytse Barchjes' ferdúdlikje de aktiviteiten yn Dwerchdoarp op moandei mei harren deiskema:

- 07:00: Moarnsbrochje
- 08:45: Foarpetear op 't fjild mei in lekker bakje.
- 09:00: De earste betide fûgel wurde ferwolkome (sjoch fierderop yn de krante)
- 09:15: De bern wurde troch de Holle Bolle Tsjing-yell it fjild op laadt.
- 09:30: Alden útwiwe, lieder sykje, sjonge en dernei it bouwen en fersieren fan de tintsjes.
- 11:00: Begjin '6-Mearkeskamp' (doalhôf, heale skippybal folje, libben kwartet, hindernisbaan en wetterglyd baan.
- 12:00: Ite, sjonge en gek waan.
- 13:00: Ferfolch '6-Mearkeskamp'.
- 14:30: Hagelstiennen naderje Dwerchdoarp. Ymprovisaasje-program fan start.
- 14:40: De Markys komt del foar de reade tried fan it 35-jier-ich jubileum.
- 15:00: De sinne komt wer te foarskyn, lêste dingen fan 'e dei wurde ôfsletten.
- 15:30: Bern wer werom nei hús. De dei fan de lieder begjint pas....

Mei in tút set de Spulwike yn Weidum út

Troch lieder Anna Jeronimus en Hester Adema

Weidum - De dei begûn mei in mearke, fertelt troch mikrofoanman Sjoerd van Beem. Yn dit mearke passearen alle lieder mei harren groepsnammen de revu. Sa begûnen we yn it bosk mei 'Lytse Tomkes' en 'Rôze Kapjes' op de flucht foar de 'Grote boze Bouke' en eindige it ferhaal op it feest fan 'Belle en het Beest' wêr't 'Sniewytsje' wakker túte waard troch 'de knappe prins'. Eltsenien die fol entûsjasme, wêrtroch de lieding en bern op in ludike wize oan elkoar foarsteld waarden.

De moarn gie fierder mei it bouwen fan tintsjes en it meitsjen fan in maskotte fan papier-masjee. Wêr't de jonges drok dwaande wienen mei it seagjen en timmerjen, wienen de famkes drok dwaande mei it moai fesieren fan de maskotte en de tintsjes. Ek koe der om raak ferve wurde, wêrby't ek seker de lieding net ûntsjoen waard.

Mei in strieljende sinne yn e loft,



begûnen we middeis mei de spultsjes troch it doarp wêrmei de earste punten foar dizze wike fertsjinne wurde koenen. De spultsjes stienen ek gehiel yn it tema fan de mearkes. Sa wie der in Prinsen en Prinsessen spul, en Mearkespuzzel en moasten de bern yn de groepkes springe op in fleanend tapijt. En ek de bekende 'Holle Bolle Gijzen' brochten hylaryske mominten mei de 'Sumo- woastelingen'.

Nei dizze earste dei fol sinne, mearkes, spultsjes, entûsjaste bern en lieder (en mei mar ien lytse hagelbui), stiet ús fest en seker in machtich moaie wike te wachtsjen! We binne los!

Der wie ris....

Troch Littenserlieders Sandra Heslinga en Corrie van der Meer

... in spulwikemoandei dy't ús yn Mearkelân bedarjen die. Yn it eardere Easterlittens, dat no ta de Efteling omtovere is, stiene wy fan 'e moarn om 9 oere op it fjild dêr't dik 200 bern as elfkes út de ljoft foelen. Lyk as de 40 rovers dy't neat binne sûnder Ali baba, wienen sawol wy as de bern neat sûnder Astrid en Jos, de mikrofoanminsk. Mei in toverdrank fol switsokken en snottebellen koenen de heksen se tefoarskyn toverje út de tsjet-tel. Mei de mikrofoanminsk koe it feest begjinne en dêrmei ek de syktocht nei de lieder. Op dy tocht kamen de bern ferskate mearkesfigueren tsjin. De bern gienen op syk nei harren lieder,

mei wa se dizze wike noch lang en lökkich troch bringe sille. Mei it waarberjocht yn'e holle betochten wy al fry flot dat in wettertichte tinte ûnmisber is. Dus oan de slach mei stokken, seil en ferve. Doe't de tinten te plak stienen, wie der ferve oer. Skande om dit oan de kant te setten tochten de bern. De lieder koenen ek wol in kleurke brûke. Middeis ha we mei dobbelstienen oan it roljen west tidens de Gouden Guozzentocht. Op it fjild wie in guozzenboerd útsetten ynklusyf de berjochte put. Ferskate spultsjes kamen foarby. Mei griene sjippe knoeie, aaigoeaie en ûnder oare dreech rek-



Kleed, kanon en fleanlessen helpe Markys net

Troch de razende reporter Bas Mollenberg

Easterwierrum, Easterlittens, Weidum - Ynienen dûkte Markys de Brancard moandei op yn de trije Spulwikedoarpen. Smoarfereale op syn Amalia Malaria dy't nei it lân efter de wolken rekke is. Hy moat har fleanendewei ophelje foar freed de trettjinde, trettjin oere om mei har te trouwen. In hiele opjefte, en as je sa as de Markys ek noch fleanangst en hichte-frees hawwe, kin je wol wat hulp fan de Spulwikebern brûke.

Fan moandei oant en mei tongersdei is de Markys lâns west foar assistinsje en tips. De earste dei tocht hy it te besykjen mei in ljedder en fleugels. Yn Easterlittens wisten se noch net hielendal wat se oan matte mei dizze gast, mar in pear frijwilligers woenen wol in falkleedsje fêsthâlde. De Markys komt net oer syn angst hinne. Tiisdeis blykt sels mei help fan alle lieder en bern syn fleanend kleed ek net te wurkjen

De Markys stiet ûnderwilens hast op it punt fan brekken troch stress en leafdesfertriet en grypt nei swierdere middels. Yn Easterwierrum ferdwynt hy de dei dernei yn in grut kanon. Twa bern stekke de lont oan. De rest

sit mei de fingers yn de earen. KABAFFF, reek út it kanon, en syn helm fjucht foarby. Sels komt de Markys letter teloarstelt mei in swarte holle ut it kanon setten. Mislearre. De dwerchdoarpers witte wol wat: "in fleanútch!" of "in luchtballon!"

Foar de Markys is it tiid om professionele hulp te sykjen. Dy hat hy fûn by firma Van den Berg út Weidum, spesjalisearre yn fleanlessen oan superhelden. Underwilens aardich wat ferstân fan fleanmiddelen opdien, be-

kenje. Tuskentoch waard der ranja yn de Jister nuttige. Al mei al foel it waar mei, hjir en dêr in tonger en in flits dêr't in toverspreuk net by misstiet. Nei in drege dei komt ek wer in tiid fan gean. Moarn mar wer efkes yn it waar sjen....



Buordsjes-mystearje

By de lieding yn Weiwêze spoeket in mystearje troch de holle. By harren tintekamp bin by elts syn sliepplak buordsjes delset mei teksten dy't spesjaal bedoeld binne foar de lieder dy't dêr leit. Sy sizze wat oer de útspraken, kwaliteiten of gedragingen fan de betreffende lieder. 'Lekker eten maak ik graag, want de lust van de vrouw gaat door de maag' of 'Foar in tút kom ik de tent wol út.' Nimmen seit in idee te hawwen wa 't hjir efter sit...





Blauwe, Blauwe, Blauwe ...

Troch lieder Jelle Jan en Sietse

Easterlittens - As we Piet Paulusma leauwe moatte, hawwe we hjoed sa'n tachtich persint kâns op rein. It iennichste wetter dat we tsjinkommen binne is it wetter út de feart Tiisdei is de dei fan de survival, in rûntsje Efteling dêr't gjin sleat by oerslein wurdt. De smoarchste fearten komme we tsjin en gean we dwers trochhinne. Under oare in kabelbaan, slingeraap, tonnematte en yndianenbrêge, alles wurdt betocht om de bern yn de blauwe drek te krijen. Wat ús hjoed aardich slagge is. Om't der betocht wie dat it smoarchste bern bonuspunten krije koe, wienen se laaiend

entûsjast en woenen se ek net doese nei de tiid. Bytiden fleach de drek dy net om de earen, mar yn de earen. En at de drek net genôch wie, dan stampten de bern wol yn de kowestront. Moai om te sjen dat in pear stoere jonges net oer de feart doarden, wylst de lytste famkes der trochhinne banjerden. De tocht duorre ûngefear trije oeren. Dat de bern nei de tiid in bytsje kâld wienen, koe se neat skele. Lökkich koenen we nei de tiid dûse yn de Jister. Under begelieding fan K3, Plop en oare feestnûmers. Yn rap tempo wienen 220 bern wer skjien en koenen se wer op de fyts nei hûs ta. Stikken en kapot...



Op paad rûnom Weidum: Wêrom werom nei Weiwêze?

Troch lieder Sjoukje Groen en Yldau Wiersma

Dat is it tema fan de tiisdei yn 'e spulwike yn Weidum. Moarns om healwei tsien wienen der goed 180 fytsen op en om it skoppersfjild te finen. Mei trije groepkes tagelyk staptten we op om nei fjouwer doarpen te fytsen foar fjouwer nije útdagingen. In flink oantal groepen hiene de rôze joker ynsetten, it belofde in heftige striid te wurden. De hichtepunten fan de dei wie de krêftmjitting yn Bears, dêr't de bern mei beamstammen goaiden, mei tûnen rôlen en beammen yn stikjes seagen. Of it estafettespektakel op it field yn Jorwert, de bern fleagen oer it field mei houten bouwurken, kroaden en grutte flip-

pers oan 'e fuotten. Yn Mantgum wiene de bern in spul oan it dwaan mei fleskes dy't se nei harren thúsbasis bringe moasten. En yn Hilaard wie der in ferskaat oan spultsjes om op alle gebieden te prestearen. Under it middeis iten hawwe de bern dwaande west mei it tema fan de dei; Wêrom werom nei Weiwêze. Dat hawwe se dien troch in ôfwaskboarstel te ruiljen foar wat oars. Ien fan de groepen kaam sels mei in magnetron 'werom nei Weiwêze'! En dan is de dei alwer om, de bern, en de lieder geane mei reade wangen nei hûs, de sinne hat ús net allinne litten!



Wille yn Dwerchdoarp

Troch lieder Adrie Bootsma en Berber de Wolff



Easterwierrum - Sa skruten at de bern moandei it fjild fan Dwerchdoarp op kamen, sa wylde fan entûsjasme wienen sy tiisdeitemoarn. De tribune wie noch mar heal fol, mar der kaam al in folume út foar wol trije kear safolle bern.

Nei de nedige moarnsgymnastyk en it opwaarmjen fan de stimmen, koe de dei begjinne. De krekt opboude tintsjes wienen noch lang net moai genôch. Neist de tintsjes hawwe de bern ek fanatyk de lieding in kleurke jûn, wat de boel hjir yn it Dwerchdoarp noch mear opfleure. Dêrnei it doarp yn foar allegear spektakulêre spultsjes mei ús bern fan 'de Draken' en 'de Geasten út de Wûnderlampe'. It

tema 'Mearkes' koenen wy under oaren werom fine yn de Zevenmijls-laarzenloop, en it 'Hans en Grietje-happen'. Nei it iten dan einliks de trekker en wein op, de bern hienen der wakker noch oan! Yn Boazum moasten wy op syk nei foksen, dy't ús wer nei spultsjes tastjoerden. De bern gongen út harren dak doe 't sy de lieding mei pudding bekûgelje mochten. Werom yn Dwerchdoarp wie der in grutte sjongestafette.

Alle bern seagen fansels út nei de pankoeke. Bert fan 'de Geasten út 'e Wûnderlampe' koe der wol acht op. De grutte optocht troch it Dwerchdoarp wie drok besocht, de bern hawwe de longen út harren liif raast.

Vroege vogel

Easterwierrum - Wylst moandei in tiisdei de lieder yn Easterwierrum noch efkes de sliepluzen út de eagen wriuwe en foarpetear hawwe sit Gerrit Okkema (9 jier) út Wommels in dik kertier foar dat de oaren der binne al op de tribune. Is it de Spulwike-spanning, kin hy hast net wachtsje moarns? "Sa kin ik moai efkes lûsterje wat it plan is.", seit Gerrit. En it is ek gewoan praktysk, syn broer docht mei yn Easterlittens, dy moat der wat earder wêze en sy gean yn ien auto tagelyk. Gerrit is, jawis, in rappe jonge. It tempo fan syn solo hollebolletsjying docht nimmen him nei.



'Durf en moed ûnmisber yn survivaltocht'

Troch de razende reporter Bas Mollenberg

Easterlittens - Wylst yn Buenos Aires, de snie nei underen komt en yn Menaam de hagelstiennen sa tsjok binne as tennisballen is it, yn tsjinstelling ta de berjochten fan Piet, tiisdei topwaar foar de survival yn Easterlittens.

Dit geflean troch sleatten en blauwe drek is elts jier wer in hichtepunt. Op in satellytfoto fan Google Earth is te lêzen dat de bern harren under mear fan tonnematte, nei touljedder, fia yndianenbrêge en polstok, kabelbaan, slingeraap en boat troch it doarp slingerje. Hjirby droech bliuwe is eins ûnmooglik.

Menno Bijlsma is in erfaren sur-

vivalder want hy docht foar de twadde kear mei yn Littens. Hy is nei eigen sizzen net spesjaal yn trening west foar de tocht. As hy stiet út te blazen nei de yndianenbrêge (twa touwen oer de sleat, ien boppe en ien under) hat der al wat efter de rêch en is oant boppe it krús wiet en smoarch. "Durf en moed hawwe je nedich," is syn antwurd op de fraach wat in echt goede survivalder foar eigenskippen besitte moat. Hy is wol wat went, bûten Spulwike om leit hy ek regelmjittich yn 'e feart.

"Ja lekker yn de blauwe drek lizze," ropt Haye Bauke Wierda neist him. Syn fjoerdoop op

Spulwikesurvivalflak befalt him poerbêst. Sa binne de measte reaksjes, ek fan de lieder trouwens. Dy rinne mei glunderjende eagen mei de bern mei en jouwe it goeie foarbyld, want sy geane sels ek oeral oer- en trochhinne. Sa nimme hja ek de bern dy't earst noch wat eangstich by 't slingertou oer de sleat steane mei oer de dropfel fan it earste wiete pak.

As de boel stil leit sjocht de kabelbaan oer de brede feart der al spektakulêr út, hielendal as de bern der ien foar ien oerhinne roetse. De middei kin har net lang genôch wêze. Neffens haadliedster Marije Peenstra wolle sy oan it ein fan 'e dei allegearre noch in kear oan de kabelbaan hingje.





DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2007:

12 INCH Coverband	2 Rent www.2rent.nl Snits 0515-435310	A 7 Keukenplaza www.a7keukenplaza.nl Snits 0515-230765	Aanhangwagens Gerisma & van Dorp www.aanhangwagens-friesland.nl Winsum 0517-342079	Accelent administratie en advies www.accelent.nl Wommels 0515-430096
Accon AVM www.accon.nl Leeuwarden 058-2887887	AC De Wurkwinkel www.noorderbrug.nl Snits 0515-431380	Aco Engineering Ind. Ontwerpbureau www.acowood.nl Easterwierrum 06-53775709	A.C.R. Winsum 0517-341556	Acro Textiles www.acrotextiles.nl Leeuwarden 058-2124153
Adelma 2^e hands kinderkleding Mantgum 058-2501275	Agrarische Dienstverlening Willem Sloot Mantgum 06-27076493	Alle Pankoek Heiten & Memmen Gemeente Littenseradiel	ALMAR Skilderwurk Wiuwert 058-2501778	Altac Autolakken www.altac.nl Easterlein 0515-331215
Architectenburo MA2 www.ma2.nl Mantgum 058-2501098	Architectenburo Syb C. Eldering B.V. Wiuwert 058-2501819	Asbestsanering Visser en van Gunst www.vga-asbestsanering.nl Grouw 0566-620087	Atlas Leesmap www.atlasleesmap.nl Leeuwarden 058-2890688	Autobedrijf Sypersma www.autobedrijf-sypersma.nl Easterwierrum 058-2501215
Autobedrijf Van der Meij B.V. 0518-412323 Ferwert 0518-412323	Autobedrijf Wheagan Multi Car Service www.wheagan.nl Wommels 0515-333121	Autobedrijf Wielinga Brand Oil Tankstation www.wielinga-wommels.nl Wommels 0515-332876	Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V. www.witteveen-brouwer.nl Easterlei / Blauwhuis 0515-331280	Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl Winsum 0517-341917
Automobilbedrijf De Zeeuw B.V. www.forddezeeuw.nl Leeuwarden 058-2333444	Autoverkoopbedrijf Van der Wal Wommels 0515-332800	Avalon Foundation www.avalon.nl Wommels 0515-331955	B & O Bandenservice Bolsward 0515-577755	Bakkerij Sybesma Boksum 058-2541323
Bakker Metaalbewerking B.V. www.mannervanstaal.nl Winsum 0517-341551	Basis-Groen Boazum 0515-521520	BBD, Brandsma Bouw Dienstverlening www.brandsmabouwdienstverlening.nl Wolsum 06-24738858	Beauty Centre De Freule Wommels 0515-332979	Bestratingsbedrijf Zwaagman www.staldeoergong.com Hulst 0517-430036
Boekhoudburo Van Balen www.vanbalenboekhoudburo.nl Jellum 058-2519296	Bos Advocatuur Winsum 0517-342800	Bos Mechanisatie B.V. www.bosmech.nl Easterlein 0515-332125	Bouwbedrijf Bootsma www.bouwbedrijfbootsma.nl Easterwierrum 058-2501325	Bouwbedrijf De Jong & De Wal Grouw 0566-621579
Bouwbedrijf Frankena www.frankenabouw.nl Wommels 0515-331263	Bouwbedrijf G. Kruithof Boazum 0515-521721	Bouwbedrijf Keuning B.V. www.keuningbouw.nl Wiuwert 058-2501333	Bouwbedrijf N. Scharringa Wjelsryp 0517-342896	Bouwbedrijf Van der Sloot Winsum 0517-341630
Bouwe Jan Bouma Horecaspecialiteiten Boazum 0515-521351	Bouw en Restauratiebedrijf Sytse Douwe van der Vegt Weidum 058-2519247	Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels 0515-333075	Brouwer Moordrecht Assurantiën Moordrecht 0182-374133	Café de Driesprong www.de3sprong.nl Winsum 0517-341232
Café Doarpshûs Boazumermjitte www.boazumermjitte.nl Boazum 0515-521274	Café H. Bonnema Mantgum 058-2501307	Café Het Wapen van Baarderadeel www.horecatriesland.nl/baarderadeel Jorwert 058-2519223	Caferaria 't Noard Wommels 0515-331296	Café-Restaurant It Reade Hynder www.itreadehynder.nl Wommels 0515-331224
Café 't Skipperke www.skipperke.nl Baard 0517-342288	Café Wjuwert Wiuwert 058-2502011	Carvanstalling B. Sandstra www.sandstra.nl Easterlein 0515-332220	Cees Sietsma Audio Verhuur Winsum 06-23452037	Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum 0517-341669
Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterlein 0515-332288	DAT Tekstbureau www.dattekstbureau.nl Easterwierrum 058-2501465	D. Bouma Montage en Inerieurbouw 06-48704042 Easterlittens 0517-341656	De Groot Dakbedekking en Zinkwerk Hilaard 058-2519760	De Helling Horeca www.mfcdehelling.nl Winsum 06-51985600
De Hutselpot Kledingverhuur 0515-331327 Wommels 0515-331327	De Molkenkelder www.demolkenkelder.nl Easterwierrum 058-2501235	De Steigeraar www.desteigeraar.nl Bears 06-42764252	De Tapijstunter www.tapijstunter.nl Wommels 0515-332605	Dierenartsenpraktijk Wommels Wommels 0515-331387
Doarpscentrum De Jister Easterlittens 0517-342263	Doarpscentrum Weidum Weidum 058-2519661	Doarpshûs De Trilker www.detrilker.nl Poppenwier 0566-602041	Doarpshûs De Tysker detysker@easterwierrum.nl Easterwierrum	Doarpshûs Us Honk Britswert 058-2501800
Doarpshûs Ald Skoalle Bears	Doede de Vries Bouwbedrijf Spannum 0517-342325	Douma's Timmer- en Meubelfabriek Easterwierrum 058-2501214	Drogisterij en Parfumerie Fizel Wommels 0515-333210	Drukkerij 't Anker www.drukkerijanker.nl Leeuwarden 058-2501174
Drukkerij Van der Eems www.vandereems.nl Easterlein 0515-331306	Edwin Meester Theatertechniek www.meesterlijtheater.nl Grouw 06-22554610	Elephant Off Road Equipment www.elephantoffroad.nl Easterlein 0515-331250	Elsbeth & Martin de Vries Amersfoort	EML Creative Audio & Visual Solutions www.eml-productions.com Utrecht 030-2632040
Eppie Veenstra Schilderwerken Baard 0517-342077	Fa. H.W. Koning Fourages Winsum 0517-342187	Fa J. van der Meer Installatiebedrijf Easterwierrum 058-2501228	F. de Boer Schilderwerken Bears 058-2519478	Familie De Vries Weidum 058-2519456

Op hokker wize dan ek tige tank



DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2007:

Familie Flapper Weidum 058-2519255	Familie Peenstra Britswert 058-2501238	Familie Schoustra Easterwierrum 058-2501380	Familie Van der Let Winsum 0517-341507	Familie Wiedijk Jorwert 058-2519414
Finish Betonvloertechniek www.betonvloertechniek.nl Idskenhuzen 0513-434690	Fratsaria www.fratsaria.nl Weidum 06-13457082	Fotopersburo JRF www.jaring-fotografie.nl Wommels 0515-333513	Friesland Drain Boazum 0515-521816	Gaardenier Tuincentrum www.tuincentrumgaardenier.nl Wommels 0515-332900
Galerie en Verfwinkel Nijdam Wommels 0515-331505	Gebr. Dijkstra International Livestock Services www.gebroedersdijkstra.nl Hilaard 058-2519798	Gebr. Vellinga B.V. Int. Handels- & Transportbedrijf www.gebrvellinga.nl Easterlein 0515-332272	Gemeente Littenseradiel www.littenseradiel.nl Wommels 0515-334444	Gerbrandy State Boerderij-Logement www.gerbrandy-state.nl Boazum 0515-521110
G. Grasman Onderhoudsbedrijf Boazum 06-20805443	Greidanus Metselwerken www.greidanusmetselwerken.nl Hilaard 058-2519904	Hankel's Technisch Bedrijf www.hankels.nl Wommels 0515-333800	H.B. Bergwerff Apotheekhoudend Huisarts Baard 0517-341272	H.B.W. Montage Systeemwanden / Plafonds Baaium 0517-341758
Heibedrijf en Funderingstechniek Gerbrandy Wommels 0515-333337	Hema Foto Service Franeker www.hema.nl/fotoservice	Henk de Boer Melktechniek www.henkdeboermelktechniek.nl Jellum 058-2519488	Hessel's Toiletwagenverhuur Stiens 058-2574539	Herbergh Het Wapen van Friesland www.hetwapenvanfriesland.nl Easterlittens 0517-342996
Hoefsmederij Winsum Winsum 06-51282304	Hotel Camping Weidumer Hout www.frieslandhotel.com Weidum 058-2519888	Hoveniersbedrijf T. Melein Easterwierrum 058-2501568	IJspaleis www.ijspaleis.nl Leeuwarden	Ingenieursbureau Oranjewoud www.oranjewoud.nl It Hearrefean 0513-634533
Inkele Heiten & Memmen fan Spulwikebern Gemeente Littenseradiel	Insite Design www.insitedesign.nl Hilaard 058-2519173	Installatiebedrijf De Jong Easterlein 0515-331512	Installatiebedrijf D. Van Wieren Wommels 06-22786867	It Winkeltsje Mantgum IS GESLOTEN
Jaarsma Makelaardij www.javent.nl Mantgum 058-2501515	Jansma Wegen en Milieu B.V. www.jansma-wegen-milieu.nl	Jant van Dijk Evenementen www.jantvandijk.nl Mantum 058-2502098	JC Bouw www.jcbouw.nl Wjelsryp 0517-341284	J en N Sounds www.dijello.nl Baalum 06-15474368
Joop Bootsma Easterwierrum 058-2501903	Jorritsma Bouw B.V. www.jorritsma-groep.nl Bolsward 0515-578200	J. v/d Zee Services Lollum 0517-396886	Kadowinkel 't Lytsbûthûs Boazum 0515-521166	Kafé Restaurant Bergsma www.cafebergsma.nl Easterlein 0515-332290
Kapsalon Bontje Wommels 0515-331303	Kapsalon Mathilda Beetgummolen 058-2531612	Kapsalon t'Kniplokaeltsje Easterlein 0515-332320	Keatsferiening Easterwierrum www.easterwierrum.nl Easterwierrum	Keatsferiening Nije Kriich http://nijekriich.weidum.com Weidum
Keatsferiening Onder Ons www.nwfriesland.nl/kvonderons Easterlittens	Keatsferiening Wommels www.freuledei.nl Wommels	Keet It Sweal Winsum	Keet Winsum www.keetsite.nl Winsum	Klaversma Bouwbedrijf Mantgum 058-2501619
Klussenbedriuw "It Wiel" www.itwiel.nl Weidum 058-2552900	Knipkeamer Rixt Wirdum 058-2552636	Kraanbedrijf Simon van den Berg Weidum 058-2519734	Kraanverhuur E. W. Andela 0517-342180 Wjelsryp 06-20736179	Kracht Motorsport www.kracht-motorsport.nl Hilaard 06-22005381
Landbouwmechanisatie Bedrijf Wijbe J. Durksz Easterlittens 06-25236112	Lamineerservice Houkje & Pauliena Gem. Littenseradiel	Leanbedriuw en Kraanferhier Okkema www.okkema.nl Easterlein 0515-331366	Loonbedrijf A.S. Greydanus Jellum 06-20744170	Loonbedrijf Frankena V.O.F. www.frankenawinsum.nl Winsum 0515-341681
Loonverhuurbedrijf A.Miedema Ruwvoerhandel Winsum 0517-341231	Machinefabriek van Brummelen www.mfvanbrummelen.nl Leeuwarden 058-2150905	Machineservice M. Schots www.marcelsschots.com Wommels 06-29026109	Manege De Welle www.manege dewelle.nl Wjelsryp 0517-395303	Marnecs Management BV www.marnecs.com Spannum 0517-342926
Marne Techniek BV. Duurzaam betrokken www.marne techniek.nl Wommels 0515-332533	M.B.N. Music Marketing www.mbnmusicmarketing.nl Weidum 058-2576044	Meermarkt Meetsma Deinum 058-2541517	Metaalbedrijf Plantinga www.metaalbedrijfplantinga.nl Harlingen 06-20368129	Metselbedrijf J.P. Dijkstra 0517-341543 Wjelsryp 06-53406828
Metsel en Voegbedrijf T. Haakma www.haakma.info Wommels 0515-332726	MHB Licht & Geluidstechniek www.mhbshowtechniek.nl Tjerkwerd 06-18121242	Miedema Accountants BV www.miedema.ac Sneek 0515-437575	Montagebedrijf W.J. Kramer Winsum 0517-342068	Motorcentrum Friesland www.motorcentrumfriesland.nl Wommels 0515-523060
Nedac Sorbo www.nedacsorbo.nl Duiven 026-319 44 44	Nico Kloppenborg Tuinontwerper Mantgum 058-2501989	Nijdam Autoschadeherstel en Oldtimer Restauratie Wommels 0515-333025	Nij Wybranda www.nijwybranda.com Boazum 0515-521344	Noordmans Licht & Geluid www.geluidlicht.nl Spannum 0517-342118
Notariskantoor Mr. G.S. van der Hem Jorwert 058-2519441	Now Cars www.nowcars.nl Wommels 06-20217985	Oannimmersbedriuw Hoogma Baard 06-55344708	Oldenburger Automatisering www.oldenburger-automatisering.nl Wommels 0515-431887	Omny Vastgoed B.V. Leeuwarden www.omnyvastgoed.nl Ljouwert 058-2941633

foar al jim stipe **GEWELDICH !!!**



DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2007:

Op 'e Skille www.skille.nl Wommels 0515-332880	Party- en Bowlingcentrum Bloemketerp www.bloemketerp.nl Franeke	Paul Drijver Bedrijfskleding Dronrijp 0517-342266	P. Huitema Administrafie Wommels 0515-333100	Plus Supermarkt Ernst www.plussupermarkt.nl Mantgum 058-2501493
Poask Hengelsport www.poask.nl Mantgum 06-51057981	Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl 0515-428801	Posseth Montage Dronrijp 0517-231711	Posthuma Skildersbedriuw www.skilder.nl Easterlein 0515-331313	Praktijk voor Klassieke Homeopathie Hiltje Jonkman Boazum 0515-520621
P. Terpstra Consultancy Mantgum 058-2501009	P. Tijmersma Onderhoud en afbouw www.tijmersma.nl Spannum 0517-342019	Puur Opleidingen www.puuropleidingen.nl Hilaard 058-2519133	Rabobanken Sneek, Leeuwarden en Heerenveen www.rabobank.nl	Resi Wooncentrum www.eendagjethuis.nl Wommels 0515-332660
Restaurant De Lachende Koe www.delachendekoe.nl/sneek Sneek 0515-423261	Roelof & Justin Cateringservice www.roelof-justin.nl Weidum 06-30393688	Sandstra Transportbedrijf Wommels 0515-331333	Schildersbedrijf Brouwer Wommels 0515-331836	Schildersbedrijf J. Van der Heide www.vanderheide-schilders-wirum.nl Wirum 058-2553491
Schildersbedrijf Lanting Boazum 0515-521645	Schilderwerken Boersma Easterwierrum 058-2501824	Schukken Mechanisatie Hilaard 06-11361020	S. Hempenius & Zn Landhekken www.hempeniushekkwerken.nl Grou 0566-624736	Sietse Jorna; Trapschelters, Trampolines en Agri-service www.sietsejorna.nl Wirum 058-2552129
Smids Design Studio www.smidsdesignstudio.nl Leeuwarden 058-2136052	Sonora Bull Arturo De Pascual Easterlittens 0517-341073	Spel-idee www.spel-idee.net Wommels 0515-439081	Stal Okkema www.stalokkema.nl Britswerd 0518-421321	Stichting Fonds Bolsward – Dronrijp 1993 www.bolswarddronrijp.nl Bolsward 0515-580671
Stichting Holle Bolle Tsjing www.hollebolletsjing.nl Oude Biltzijl 0518-421321	Stienstra Houtimport Boazum 0515-521264	Stiepot Winsum Winsum 0517-341349	Straal en coatingbedrijf T. van der Wal Boazum 0515-521019	Studio Dyk Mantgum 058-2519371
Studio Roscher www.roscher.nl Weidum 058-2159686	Swannet en Pieter Aldeboarn 0566-632002	Sybshop Winsum 0517-341119	TC Plus Bedrijfsautomatisering www.tcplus.nl Winsum 0515-342400	Terp Assurantiën & Financiën Wommels 0515-577272
Theecafé www.theecafe.nl Easterlein 06-13719585	't Kappershûs www.kappershuis.nl Mantgum 058-2501575	TIB D.A. Reekers B.V. www.dareekers.nl Easterlittens 0517-341458	Timmerbedrijf J.P. De Boer Jellum 06-10286623	Timmer en Onderhouds-bedrijf Rein van den Berg Jorwert 058-2519732
TimmerWinkel www.timmerwinkeljorwert.nl Jorwert 058-2519723	T.M.B. De Jong B.V. www.tmbdejongbv.nl Wommels 0515-331201	Top Toys Firma van der Velde Wommels 0515-331201	Transportbedrijf Joh. Deinum 0517-341624 Wjelsryp 06-53595921	Transportbedrijf Tamminga & Zn Weidum 058-2519219
Troefmarkt A&P de Jong www.troefmarkt.nl Weidum 058-2519616	TTT Software www.tttsoftware.nl Balk 0514-605508	Tube-Trading B.V. Boazum 0515-521080	Tuinaanleg, Grondwerk, Verhuur CTC Sibe Swierstra Weidum 06-23102848	Unia State www.uniastatebears.nl Bears 058-2519263
Van der Velde Mode & Slapen www.mode-slapen.nl Winsum 0517-341268	Veenstra Constructie & Installatiebedrijf www.veenstrawelsrijp.nl Wjelsryp 0517-341201	Veronique Akkermans www.sport-akkermans-wommels.nl Wommels 0515-425612	Versloot-Kartografy Hilaard 058-2519701	Voegbedrijf Germ van der Weg Mantgum 058-2501100
V.V. Oosterlittens www.nwfriesland.nl/vvo Easterlittens	Walinga Schildersbedrijf Baard 06-22040886	W.B. Wiersma Tentenverhuur www.wbw-tentenverhuur.nl Leeuwarden 058-2519202	W. Fopma Milieuadviesing B.V. Mantgum 058-2501797	Wildkamp B.V. www.wildkamp.com Winsum 0517-342330
Ytzen, Edwin, Pytje, Hidde, Jantine, Tjebbe, Rene en Johannes	Zand en Grindhandel Jaap Hoekstra Easterwierrum 06-51509280	Zorg Maat Werk www.zorgmaatwerk.nl Weidum 058-2519113	Zwembad De Klomp Wommels 0515-331225	

Net allinnich de Spulwike bestiet yn 2007 35 jier, ek de Sponserkommissje hat in reuny te fieren. Sy besteane offisjeel 5 jier. Derom wat ekstra oandacht oan de folgenden sponsors:

- Jierren foardat der in sponserkommissje wie, stipen de bou- en ynstallaasjebedriuwen Bootsma, Van der Vegt, Keuning, Frankena, Van der Sloot en van der Meer al in hiele bult spikers, skroeven, ark, hout en boumaterialen. Dit dogge sy noch altyd.
- Yn ferbân mei it 30-jierrich jubileum fan De Tapijstunter stypje hja dit jier 300 m² nije flirbedekking.
- Al jierren stypje de supermarkten Troefmarkt, Plus, Coop, Poiesz en Meermarkt alle ranja, molke, poeiermolke, pankoeckmoal, sjerp, poeiersûker, plastyk servys, aaien en iisko's dy 't de Spulwike ferbrûkt.
- Sûnt 2004 meie wy eltse Spulwike fergees gebrûk meitsje fan twa slieptinten foar de lieding, fan de firma W.B. Wiersma tintenferhier.
- Fan de Rabobanken Snits, Ljouwert en it Heerenveen en de Stiepot Winsum krije wij elk jier in substansjeel jildbedrach.
- Sawat elts agraryskbedriuw út de gemeente Littenseradiel hat de ôfrûne 35 jier wol in trekker of wein oan de Spulwike útlent.
- Hjirneist kinne wy ek elts jier foar in prikke materiaal hiere fan de bedriuwen Hessels en 2 Rent ferhier.
- Fan de +/- 320 bedriuwen dy de gemeente Littenseradiel ryk is, stypje 234 bedriuwen de Spulwike offisjeel.
- Wy binne der grutsk op dat wy alle kroegen fan de gemeente ta ús stipers rekkenje meie.
- En natuerlik alle, net yn dit stikje bij namme neamde stipers, dy't jo fine kinne yn de blokjes op de siden 6, 7 en 8 fan dizze Spulwike-krante.

Op hokker wize dan ek, tige tank foar al jim stipe. GEWELDICH !!!



Foksen en wetterwille

Troch lieder Sandra Heslinga en Corrie van der Meer

Easterlittens - Foskejacht op woansdei, in fêst ûnderdiel yn it spulwikeprogramma dat ek dit jubileumjier net ûntbrekke kin. Mei it tema Mearkes koenen wy goed út de fuotten en ús kreative geest op en top brûke. Sa dienen Roodkapje, Assepoester en de prins mei syn wite hynder harren yntrede yn de 'Efteling' en waarden se goed fersoarge mei kofje en koeke troch fer-skate ynweners fan de 'Efteling'. De bern draafden bloed fanaty troch it doarp en hienen al gau de nediche foksen fûn. Nei in blik op it waarberjocht en sicht op de loft waard besletten om nei swim-

bad de Klomp yn Wommels te gean. De bern wiene net benaud foar kjeld, lyk as de lieder. De earste bomkes wienen al gau makke, it bad wie fol en de lieder kopke ûnder.

Doe't we ien kear út it wetter kamen en oanklaaid wienen, koe elts konklúdearje dat it dôchs best húverich wie, in oplossing wie gau fûn en elts song him waarm op de wein. De weromreis waard optimaal brûkt om de Spulwike hit fan dit jier te oefenjen. Dizze hit stiet yn it teken fan it jubileumjier en slút goed oan op ús fantastyske dei... It is te gek, wat ha we in fertier!!!!



Pre-spulwikebern no al yn 't spul belutsen

Troch liedsters Elisabeth Flapper en Sietske Merkus

Easterwierrum - Woansdei-temoarn is it begjin fan de twadde helte fan de wike, mei nije bern yn ús groepkes 'De Tsjoaders' en 'De Kikkerkeninkjes'. Wannear't de bern ús sykje moatte op it fjild sjogge sy wol wat nuver om har hinne, want sy kinne harren lieder/ster net fine. Net dat de lieder no sa goed ferstoppe sieten, mar de shirts binne net mear werkenber troch it ferfwurk fan de earste groep. Dit mei de wille net drukke want as it ferve begjint foeget ek

dizze groep har bijdrage ta oan de shirts. It giet noch gekker as de dagen derfoar en de lieder binne hast net mear te herkennen.

De dei begûn foar ús mei it doalhôfspul en de bern wienen fuortendaliks hielendal gek. De tikkens yn it spul wienen goed dwaande, dat it wie noch dreech om it doalhôf út te kommen sûnder tikke te wurden. De tikker wie in pre-spulwikebern, dus dat belooft wat foar it kommand jier. Sa jong, en no al Spulwikegek en tige belutsen by it barren.

Ek it spul 'de derriebrûs' die it goed. Net in lyts bytsje wetter moast der yn, mar fuortendaliks in hiele bak fol. Kâld wurde, dêr tochten de bern net oan, want it spul wie machtich moai.

Pre-spulwikebern spilet tikker yn it doalhof



'Mei de bern op de trekker en wein is de ultieme lol'

Weidum - Edwin Meester (29) hat as bern, lieder, materiaalman, foarsitter en haad materiaalman alles by elkoar santjin jier Spulwike-ûnderfining. Nei dit jubileumjier, syn alfde jier as frijwilliger, stoppet hy mei syn drokke Spulwikebesichheden as haad materiaalman en ôffeardige foar de Stifting. Hy sjocht werom op mominten fan 'ultieme lol' en oare saken dy't hy misse sil.

"De hiele organisaasje, de ynset fan de frijwilligers en de opkomst fan de bern, sa as dat hjir giet is nearne oars yn it lân te finen," mient Edwin. Dat mei dy ynset fan eltsenien sa'n goed rinnend fenomeen as Spulwike yn Littenseradiel groeit is, is syn motivaasje om eltse kear wer mei te dwaan. Mar de tiid dy't yn de tariedings fan de Spulwike sit, kin hy eins net mear kombinearje mei syn eigen bedriuw yn teater- en sjotechnyk.

Yn de wike sels sil hy noch wol wat han- en spantsjinsten fer-rjochtsje, bygelyks it lûd yn de doarpen. "As ik der dan bin, sil it wol kribelje, ja... Der moat ik foar oppasse." It soargjen foar ûnderhald, opslach en ynkeap fan materiaal is dan oer. Krekt as



in protte adhoc saken yn de wike sels.

De yn Weidum hikke en teine Edwin, hat dat plak ek altyd as thúshonk hân yn de Spulwike en is der ek as lieder begûn. "Mei trekker en wein mei de bern nei oare doarpen, dat is dochs wol de ultieme lol. De gekste dingen, no..." Hy orakelt ferhalen op oer it ferlies fan in bûtenboardmotor en syn krekt wat te lange jûn mei de bern yn it bosk, doe't sy it paad werom net mear fine koenen.

"Minsken dy't je de moandei noch net kinne, dêr kinne je de freed mei lêze en skriuwe, dat

klikt altyd wer. Dit jier hawwe we wer in groep geweldige lieder. Mei de ynset dy't hja en de frijwilligers yn de oare doarpen toane meitsje wy yn de Spulwike mear as tûzen minsken bliid. Bern, heiten, memmen, frijwilligers en stipers."

In lieder mei 11 jier Spulwike-firus hâldt op, hy:

- hat 77 dagen Spulwike dien, duat yn totaal 2,5 moanne Spulwike (eksl. opbou/ôfbrekdagen)
- hat 40 liter ranja opdrongen en hat sa'n 153 kear by spulwike ûnder de brûstien
- hat 10 kear survivalle en dermei sa'n 100 kear yn 'e feart sitten (eksl. syn survivals as bern)
- 500 kear Holle Bolle Tsjing songen (oerdei) en mei de jûns derby sa'n 873 kear.
- 696 fleskes bier opdrongen en 3 healfol stean litten
- sa'n 77 t-shirts en 77 fotolistkes makke
- 65 blanke bern yn 't groepke hân en 1 leaf negerfamke út Amsterdam
- 3 jubilea meimakke en 11 reuny's fan de lieding (winters)
- hat sa'n 355 kilometer op trekker en wein riden wêrfan 113,5 kilometer efter in Jan Hert trekker.
- sa'n 95 kear de Anno Beker útrikt

Simpele dingen as tintekamp bouwe, survivalje, bierfleske-race, pankoeke: it is en bliuwt leuk. It makket neat út wa of hoe as't bist, yn 'e Spulwike is eltsenien lyk! It is moai west; koe is mar altyd Spulwike wêze... No tiid foar oaren; myn Spulwikebern fan froeger binne de lieder fan no. Oar jier gean ik fierder as pankoeke!!

Wrakselje troch in wûndere wrâld: De survival is werom!

Troch liedsters Pier & Bouke de Vries



Weidum - De dei begûn mei in besyk fan Markies de Brancard. Dizze besocht ek hjoed wer te fleanen, wat spitich genôch net slagge. De survival waard yntrodusearre mei in moai mearke wêr't de reade trie fan de dei bekend makke waard. De ferteller moast befrijd wurde, omdat hij troch in giftige appel fan Roodkapje yn sliep fallen wie en op sluten wie. De bern moasten de spultsjes ûnderweis mei goed sukses trochrinne om sa mear kans te meitsjen om as earste de kaai te bemachtigjen, sadat de ferteller befrijd wurde koe.

Mar dan it twadde part fan de dei, de survival. De bern moasten in route ôflizze om Weidum

hinne. Der fûnen ek moaie mominten plak op 'e iisbaan, foaral de helling wie in grut spektakel foar sawol de bern as de lieding. Fierder wienen de oare spultsjes ek seker de ynset wurdich, sa as Tjebbe's Slinger en Spikerbroekhingjen.

Nei de survival moast de ferteller noch befrijd wurde. Eltse groep hie in bosk kaaien, mar ien kaai paste op de klús, die't iepene wurde moast om dernei de ferteller te befrijden mei de spesjale kaai fan de koai. De ferteller moast dernei noch wekker tuten wurde troch Prins Charming en dernei koe hy 't mearke goed ôfslute en eltsenien libbe noch lang en loekich!



Littens docht 3-doarpenspul

Spulwike foar bejaarden?

Easterlittens - Op tongersdei waard der, nei't de Markys op'e nij besocht hie nei Amalia te fleanen, yn Easterlittens en omkriten it 3-doarpenspul (Heksendoarp, Reuzendoarp en Trollendoarp) dien. In tredde diel fan de bern gong nei Baard ta om dêr ferskate spultsjes te dwaan. By it husselpuzzelpokuspul moasten der safolle mooglik wurden makke wurde fan it wurd Magika. Ek waard dêr it magyske Toverbal (blyn follybal) spile. En net te ferjitten de Heksebiezemrace. Twa persoanen mei in spûns tusken de hollen op in heksebiezem. In oar diel fan de bern gong nei it "doarp" Broektille ta, wêr't elts groepke safolle mooglik kokers mei wurden sammelje moast om

dêr op it ein fan it spul in sa lang mooglike sin fan te meitsjen. As lêste wie der in diel fan de bern yn Littens op it fjild om dêr foar ferwarring te soargjen. Op it earste each like it dêr dat der âlden-fan-dagen in spultsje dwaan moasten, mar it die bliken dat de haadlieding fan Littens rollators liend hie fan de bejaardesintra yn Wommels en Weidum. De bern moasten efter in rollator in rûntsje drave om dêrnei ûnder in pion in fraach te pakken en dy te beäntwurdzjen by it groepke. Efkes letter kaam dêr de plysje, dy't in tip krigen hie fan omwenjenden. De haadlieding waard der fan fertocht de rollators stellen te hawwen, mar it bestie allegear op it misferstân.

D- day

De tongersdeis fan de Weidumer Spulwike is altyd D- day: de dei dat IT barren giet. Alle bern bliuwe nammentlik dan de nacht oer op in pleats in lytse kilometer it doarp út. Mar foardat it safier is, komt earst in lange, swiere dei...

Lykas de foarige trije dagen stappe de bern rûn healwei tsien de arena yn fol ferwachting fan wat de dei bringe sil. Fuortendaliks wurde de groepkes stjoerd nei de iisbaan dêr't hja fleanmobilen meitsje moat foar Markys de Brancard om him nei syn Amalia Malaria te bringen, dy't heech, heech boppe de himel is. It resultaat fan twa oerkes bealgjen, kleurjen, fersieren — en tuskentoch lytse spultsjes — is grandioas en divers. De Markys komt letter del om de fiertugen te beoardieljen. Elkenien skoart geweldig.

Middeis steane earst twa farianten fan it wolbekende trefbal op

it program. Yn it earste oerke spylje de bêrn it tradisjonele spul, wylst se yn it lêste oere in fariant dêrop besykje: it piramide-trefbal. As je lju ôfgoaije meie je in stapke heger op de piramide stean gean, dy't as earste boppe stiet, krijt in punt. Nei twa oerkes goaien, wearren, fangen en bukken is it tiid om wer nei de arena ta te gean. Dêr prate Sjoerd in prachtich Ja en Nee spul oaninoar dat troch in trijetal lieder moai en orizjineel yninoar setten wie.

Yn de tuskentiid hie de kommisje fan dy dei de punten foar it trefbal en de bouwerij opteld en it einklassemint opmakke. Klaas sette de Championsleague-tune derfoar en Sjoerd en Tjerk bestoarmen as echte Stjerspilars de Arena mei de útslach. De Shreks fan lieder Yldau en Jaap (Don Japio) bliken de sterkste ienheid te wêzen en hja krige de ivige rom.

Sa tsjin seizen sieten de bern oan in hearlik patatmiel dat oanbean wie troch elk dy't ek mar friture koe. Nei it iten ûntstie der in wie feestje op de pleats op de keatsbanken. Doe moast it echte feest noch begjinne. Dat barste pas los, nei't de jonges en famkes harren optutten hienen en klear wienen foar de disco en karaoke. Dat lêste is troch alle bern dien. Alle bern hawwe mei harren groepke in ferske songen. Foar't de jûn ôfsluten waard mei in 'schuifeldans' wie der earst in Blind-date sjo dêr't trije lieder en liedersters oaninoar keppele wurde soenen.

lenris by Flapper werom, krigen de bern in knakwoarst dy't se by it kampfoer lekker opieten. Net folle letter foelen de eachjes ticht en wie it tiid foar de nacht. Doe't de bern klearleinen krigen se fansels earst noch in tût. Dêrnei gie it ljocht út; letterlik en figuerlik. It soe noch lang rêstich bliuwe.



Bern mei gebrûksoanwizing thús op Spulwike

Troch liedster Maaïke Kuipers

Easterwierrum - Spulwike is foar alle bern fan Littenseradiel, ek dy fan it spesjaal ûnderwiis. Dizze bern hawwe yn de wike wat ekstra oandacht of begelieding nedich. De lieding is hjir fan op 'e hichte. Foar de bern is dizze wike ekstra ynspannend. Allegear oaren, in soad raze en sjonje en nije yndrukken.

De dei begjint mei 'Holle Bolle Tsjing' en 'Rood, rood, rood, kapje, kapje, kapje'. In spesjaal famke fan in seker groepke fynt it allegear mar neat en sy giet allinne yn it tintsje sitten. As de rest oan it ferve is, spaant se wat om mei krêppapier. It massale gedoch fynt se net leuk en se rint fuort. In lieder siket har op.

Der is ôfpraat dat as sy it net leuk fynt, sy dan oan 'e kant sitten giet en oars helpt sy de lieding mei in wichtige taak. De lieder nimt har mei nei de tintsjes. In oare lieder is op dat stuit in rinnende pot ferve. Sy sjocht it

en sy draaft der hinne mei in kwast. Sy komt laitsjend wer werom.

By de spultsjes wol sy earst net meidwaan. De oare bern begjinne en stadich oan docht sy dochts mei. Moai, sy hat it nei har sin. De middeis gean we mei trekker en wein nei in oar doarp, foksejacht. It Holle Bolle Tsjing ûnderweis sint har net en dat makket se dúdlik. De oare bern akseptearje it fan har.

As wy begjinne mei de foksejacht hat sy de opdracht krigen om de kaartsjes te bewarjen en om goed út te sjen nei de foksen. Werom yn Dwerchdoarp sit it famke op har gemak tusken de oare 'frjemde' bern, en sy sjongt út folle boarst mei. Prachtich!! Hjir dogge wy it foar! Spulwike is ek bedoeld foar bern mei in gebrûksoanwizing. As de âlden de oare dei sizze dat harren soan of dochter it machtich fynt, dan krije wy in smile op ús gesicht.

Heks, Aladin en Elfke mei yn optocht troch Dwerchdoarp

Easterwierrum - De ôfsluting foar de bern yn Dwerchdoarp is de optocht. Dat betsjut earst hurd sminke en foar guon ferkleie. Op tongersdei sprongen trije kreaasjes drekt yn 't each. Fan links nei rjochts:

Julia ut Reahûs is dúdlik in heks. Mei in moaie, swarte jurk en de typyske puntige noas. Wêrom dizze kreaasje?: "Omdat ik ek yn de groep sit dy't De Heksen hjit." Julia har mem hat de klean



en sa útsocht. Op de fraach wat sy it leukste fynt oan Spulwike, seit sy: "Alles, mar eins is it pan-koek iten it leukst. Dy krij ik oars net sa faak."

Marianne út Easterein sit by de Kabouters. Yn har glânzjend gielblauwe pak liket se wol op Aladin. En dy fynt sy echt leuk. Hoewol't har kar bepaalt is troch wat der thús lei oan ferkleiersklean. Marianne is útsprutsen oer har twa dagen Spulwike: "De

spultsjes en juf Marijke binne it leukst. Oh, en it doalhôf."

Rebecca út Mantgum sit by de Elfkes en komt foar de optocht mei in grut attribút oansetten. It binne grutte wjukken. Fan in Elfke?: "Fan in flinter, oh nee, dochts fan in elfke. Nee, fan in flinter dy't yn in elfke feroaret." Sy hat it wakker nei har sin op Spulwike, omdat se allegearre nije bern kinnen leart.





Prachtige houliksdei foar Markys de Brancard en syn Amalia

Troch: Grietje Deinum, part-time Ferslachjouwer fan de Spulwiki krante

Weidum - Amalia har ja-wurd skalt oer it Weidumer keats-fjild. Applaus fan de bern. It is slagge! Amalia Malaria is fanút it lân boppe de wolken nei de ierde kommen, en kin fan hjoed ôf altyd by har leave Markys de Brancard wêze. Boargemaster Liemburch slút it houlik. De Markys en Amalia binne fan no of trouwd en harren brulloftsgasten kinne oanskowe oan it feestmiel. Mearkes rinne oer it generaal sjoen goed ôf, en gelokkich is it mearke fan Markys de Brancard en syn Amalia Malaria der gjin útsundering op.



skriuwe. Oan 'e wylgen hingje. Der in grutte, grutte streek trochhinne helje. It soe om te gûlen wêze.

Markys de Brancard syn letste

spreuk moat derfoar soargje dat de Markys yn syn mandsje opstijge sil. In izige stilte ferriede de spanning by de bern. Se roppe de spreuk en.... De boppenste helte fan it mandsje fleant fuort. De Markys stiet der noch.

Mar hee! Dêr! Dêr op it dak fan it keatsshokje! In swart, langhierich, meunsterlik wyfke...se is smoarch en har hier prikt. Is dit no de dreamfrou fan de Markys? It blykt yndie Amalia te wezen. De spreuk allinne al wie sa krêftich, dat se nei ûnderen fallen is. Net folledich sierlik is se op it dak delkwakt, mar as se yn de Markys syn sterke earms sjar-mant nei ûnderen helle wurd, is se dat allegear alwer fergetten. Neat stiet harren houlik noch yn de wei. Se binne beide mei beide fuotten op 'e grun, der binne genoch tsjûgen, der binne breidsfamkes- en jonkers, der wurd in feestmiel makke... Mar de ambtner ûntbrekt. En it slagget nea om foar ienen yn Wommels te wezen...

hope: in spreuk. In toverspreuk dy't Amalia fanút it lân boppe de wolken nei ûnderen rûgelje litten hat. In spreuk fan mar leafst 160 letters, ferspraat oer likefolle kaartsjes. As de Markys no ris yn in loftballon stean gie, en de bern de spreuk foarlêze soene, dan soe de Markys grif opstijge. Mar dy kaartsjes moatte earst noch wol fûn wurde by frjemde

Al fjouwer dagen lang helle de Markys alles út 'e kast om syn leave heksedochter Amalia Malaria werom te heljen op ierde. Hy is smoarfereale op har sûnt 'er har seach op it âld-en-nijfeest fan in befreone baron, en sprekt sûnt dy tiid fan flinters as guozzen yn 'e búk. En: hy wol mei har trouwe!

Allinne: Amalia is yn it lân boppe de wolken. Om mei har te trouwen moat de Markys har A) fleanendewei ophelje en dit moat B) absoluut foar freed de trettjinde, trettjin oere. De Markys hat dus haast, en net sa'n bytsje ek. Wylts Amalia boppe sjongend stofsûget sa't sinne tefoarskyn komme kin, pikeret de Markys him suf oer de allesbeslissende dei.

Gelokkich binne alle Spulwiki-bern hjoed mei harren lieding nei Weidum kommen, om de Markys te assistearjen by syn letste stunt. Slagget dizze net, dan kin 'er him dat houlik wol út 'e holle sette. Op 'e buk

minskende dy't yn Weidum omspane.

De tiid begjint te driuwen as om ketier foar tolven de spreuk kompleet is. In lange, Latynske

Undertusken docht boargemaster Liemburch hjoed tafallich in rûntsje troch de gemeente. Gewoan, sjen of der noch minskende trouwe wolle. Neat oan 'e han. Se stapt neat fermoedzjend it Weidumer keatsfjild op. De eagen fan 'e Markys ljochtsje op. Soe it dan dochs slagge hjoed? Boargemaster Liemburch is gelokkich ree om de Markys en Amalia yn 'e echt te ferbinen, en hat sels in prachtich trouboekje meinaam, weryn't plak genôch is foar in hiele soad lytse markyskes en hekskes. Mûsstil is it tidens de offisjele seremoonje, en nei de plechtichheid is it tiid foar in feestmiel mei pankoeken. En de Markys en Amalia? Dy sille op houliksreis.

'It sit der ynbakt!'

Troch: Grietje Deinum, part-time Ferslachjouwer fan de Spulwiki krante

Weidum - 30 jier, 60 pakken moal, 60 liter molke, 240 aaien, bulten bûter, sleatten sâlt, ien soepele miksearm foar de garde en 2 hite pannen: it resept foar 750 Spulwiki-pankoeken út Jellie har keuken.



Yn it wite, suver mearke-eftiche húske oan it Weidumer keats-fjild komt hjoed har 750e Spulwiki-pankoek út 'e panne glydzjen. De batterij is der spesjaal foar ut 'e rookmelder helle. 'It sit der ynbakt', seit se.

32 jier lyn kaam har man Klaas yn it Spulwiki-bestjoer. 'Lytse Buorren 4 waard doe 'kontakt-adres' foar de Spulwiki hjir yn Weidum. As memmen sike bern hiene, bellen se dy hjir ôf. Oan my de fraach of ik it dan troch-jaan woe oan de lieding.' Soan Melle gie dan mei, mar woe net mear mei werom nei hûs.

Sa'n 15 jier letter siet Melle sels yn 'e lieding yn Weidum. 'Hy wist hokker boarden ik om 'e pankoeken die, en socht krekt dy pankoeken út foar syn groep. Dy fun 'er it lekkerst. Ek kamen hjir wol minskende fan 'e lieding te doesen of om droege klean. Ik ha lange Andrys ek wolris troch de droechtrommel helle. Noja, syn klean dan.'

Ta einbeslút seit se strieljend: 'As je hjir wenje, sjoch, dan bin je gewoan de bear. Mar it is sá leuk!'



Jellie Tilma bakt har 750e Spulwiki-pankoek

Grutte Henk, lytse Pier

Henk Ernst fynt grutte help yn Pier Koopmans

Troch: Grietje Deinum, part-time Ferslachjouwer fan de Spulwiki krante

Weidum - Grutte Henk en lytse Pier. In goed tiim. Henk dekt de tafels, Pier bringt de sûker en sjerp. Henk stiet ferbaasd fan de tûkens fan it lytse mantsje. Pier foarsjocht earst de kant der't Henk it taffelkleed oan 'e tafel festniet fan sûker en sjerp, sadat it kleed net fuotwaaie kin. Sit it kleed fêst, dan geane de bussen en flessen nei de oare kant. Hielendal klear? Yn in omsjoch stean se mei deselde ôfstân fan inoar yn it midden fan 'e tafel. Sûnder oanwizings.

fûn, wie dat samar oplost. Henk: 'En koe Hindrik dat ek wat wurdearje?' Pier fûn dizze kleur better by de Spulwiki passen. Wy jouwe him gelyk.

As je sa hurd meiwurkje, fer-tsinnet dat in pankoek. Pier syn mem hat ek oan it bakken west foar de Spulwiki. Fan har steapeltsje hat Pier al 2 hant. Mar ek op strjitte krige 'er noch in pankoek oanbean. Hokker wie no lekkerder? Nei in snelle blik op mem Wypkje seit 'er gau: 'Dy fan 'e Spulwiki!'

Pier Koopmans út Weidum is 6 jier en sjocht út nei de dei dat 'er krekt as syn grutte sus Yke meidwaan mei oan de Spulwiki. Mar tot dy tiid fermakket 'er him hiel goed mei it assistearjen fan Henk. In gearwurkingsferbân dat freedtemoarn spontaan ûntstie.

In pear dagen dêrfoar hie Pier ek al even 'assistearre' by de Spulwiki. Dy konteners op it Weidumer fjild, dy hiene wol wat in saai griis kleurke. Mei dat Pier in spuitbus mei griene ferve





OANT TAKOM JIER, IT WIE GEWELDICH